

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE, op grûn fan Kêst 40 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe
Underwerp:	Noardlik ferkiezingsdebat fan SNN
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De FNP hat begrepen dat der op dit stuit wurke wurdt oan de opset fan in noardlik ferkiezingsdebat begjin takom jier, foar de 2 ^e keamerferkiezings. En wy hawwe grútsjen heard dat dat útstjoerd wurde sil troch Podium TV. By de beide noardlike ferkiezings-debatten by de keamerferkiezings 3 en 8 jier lyn wie der net in soad omtinken foar regionale ¹ ûnderwerpen, útsein de gaswinning yn 2017. Mei it each op dy saken hawwe wy de neikommende fragen:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it dat it relatyf ûnbekende Podium TV keazen is as medium om it debat út te stjoeren? Is it kolleezje it mei ús iens dat it folgjen fan sa'n debat sa leegdrompelich mooglik wêze moat? Wêrom is net keazen foar de regionale omroppen lykas Omrop Fryslân, mei in folle grutter berik? Is dat noch werom te draaien?2. Wat binne de kosten as it útstjoerd wurde sil by Podium TV? Komme der foar de provinsje Fryslân ekstra kosten achter wei, of betellet SNN it? Sa ja, wat binne de ekstra kosten foar Fryslân?3. Hat der fan beide lêste noardlike debatten in evaluaasje west? Sa ja, is dêr in dúdlike mearwearde út kommen, dat it debat streekrijocht wat opsmiten hat foar Fryslân, Grinslân en Drinte?4. Wat is it stribjen kwa persintaazje oan regionale ûnderwerpen yn it debat? Binne jim it mei de FNP iens dat de mearwearde fan sa'n debat foar de regio der krekt is as de ferhâlding regionaal-lanlik 80-20 is en net oarsom, lykas foarige kearen?5. Wa bepaalt hokker partijen meidwaan kinne oan it debat? Wat binne de kritearia? Is der ek romte foar lytse en/of nije partijen?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
Datum	21 oktober 2020

¹ <https://www.nieuweoogst.nl/nieuws/2012/09/05/landbouw-buiten-beeld-in-noordelijk-debat>